

Spannende thriller fan Sjoerd Bottema


Sn. nblid. 10/5 2001

DE HOMMERTS - Sjoerd Bottema (1948) publisearre earder twa ferhalebondels, *It fertriet fan dokter Kildare* (1994) en *Neaken as in ierdbei* (1998). Ek wurke er mei oan ferskillende sammelbondels wêrûnder *Knyflok en Reidmannen en oare misdiedferhalen* (1994). Syn nijste boek is in thriller: *It aai fan Siderius*, mei as ûndertitel 'In ynspekteur Hofstra mystearje'.

In ûndertitel mei in fette knypeach, omdat dizze roman mear is as in simpel speurdersferhaal. It aai fan Siderius is in spannende thriller mei wrange wrede humor, in krom sensaasje, seks en deaden. It boek is ferskynd bij de Friese Pers Boekerij te Ljouwert. Yn *It aai fan Siderius* giet it net allinne om de klassike fraach 'wa hat de moard dien', mar folle mear om it wêrom. Bottema jout dan ek rom omtinken oan de karakters fan syn romanpersoanen en dizze thriller is dan ek likefolle krimy as psychologys ferhaal. De roman is knap opboud, it tal personaazjes dat in rol yn it ferhaal spilet is oersichtlik en de spanning bliuwt oant de lêste fan 125 siden bewarre.

Yn 'e maitiid fan 1990 komt ynspekteur Foppe Hofstra yn syn bertedoarp Kamstersyl wêrom om dêr in moardsaak op te lossen. Achter op it hiem fan 'e Salverda-pleats wurdt in lyk opgroeven. Ien fan 'e fertochten is Bernardine Alberta Josepha Visscher. "It frommes" ("Oeral dêr't it frommes ferskynde, waarden de manlju geil en gleon as apen."), lûkt midden sechstiger jierren bij frijfeint Sake Salverda yn. Ein santiger jierren ferdwynt Salverda spoarleas. De plysje stelt in ûndersyk yn, mar dat smyt neat op.

Dochs skynt der soks as gerjoch- tichheid te wêzen: "it hat lang duorre, mar tettjin jier nei de ried- seleftige ferdwining fan Sake Sal- verda fûnen se in lyk by Dine Visser



op it hiem. Har maat, in sekere Cor, wie krekt dwaande de bonkjies op te graven, doe't de plysje him oer it mad kaam." (s.31)Op it lyk wurdt in

gouden horloazje fûn mei de inisja- len M.S. en Dine wit wêr't dy letters foar steane: "Dit binne de inisjalen fan Max. M.S.: Max Smeets. En ik

wit it no ek wol wer: Max hie altyd sa'n gouden horloazje om." (s.45)

Ynspekteur Hofstra lit him troch Dine har ferklearring net op in dwaalspoar bringe: "Max Smeets hie mei dat horloazje neat te krijen, likemin as Melle Salverda; hy wist ynienen wa't M.S. wól wie." (s.53)De inisjalen steane foar Mar- ten Siderius, in âld-buorjunge en eardere freon fan Foppe Hofstra. Yn in rendez-vous nei 25 jier wurdt dúdlik hoe't Hofstra der sa wis fan is dat de letters M.S. foar Marten Siderius steane: "Foppe wie kom- men om my myn horloazje werom te bringen. Myn gouden horloazje. Mei ynskripsje: M.S. Yn in jier tiid hie ik it twa kear hast en de tredde kear foargoed weitôge. Foppe hat my destiids noch wakker holpen mei sykjen. En no wie it dan ein- lings fûn." (s.61)

De boeiende ynderlike monoloach fan Marten Siderius dy't de kearn fan it boek út makket, is net allinne prachtich proaza, mar ek tige fer- helderjend. Hjir wurdt dúdlik mak- ke wêrom't in moardner ta syn die-

den komt. It is sublym hoe't Botte- ma traumatise jeugdervaringen beskriuwt. Sûnder dramatys te wurden leit er de tekoarkommin- gen yn it minsluk bestean bleat. Troch de hilarise wize fan (be-) skriuwen mar tagelyk mei in ûndertoan fan sarkasme rekket dit proaza de lêzer oant op it moarch. De idylle fan in soargeleas bestean op it Fryske plattelân, yn 'e sechsti- ger en santiger jierren, wurdt troch Bottema mei dit ferhaal wreed ûnderút helle. De 'gezellige boer- tjes', kinne sadisten wêze en inest- komt ek yn Kamstersyl foar, mei alle gefolgen ier of let.

Oer styl, taal (wât in sterke mono- logen!) en opbou fan dit boek kin ik koart wêze: Bottema is in fakman, dy't in literêr ferhaal skriuwe kin sûnder opsetlik literêr te wêzen. Dizze roman heart mei ta it bêste wat de moderne Fryske literatuer op dit stuit te bieden hat.

Henk van der Veer

Hjir besprutsen *It aai fan Siderius*, *In ynspekteur Hofstra mystearje*. Friese Pers Boekerij Ljouwert, 125 siden. Priis: f 30,-